

*Utsprutsen troch Tryntsje van der Steege by de presintaasje fan Hear fan 'e Miggen fan William Golding, oerset troch Geart Tigchelaar, op sneon 29 oktober 2022 yn Paviljoen MeM te Bûtenpost:*

Goejûn allegearre, en fuortendrekst mar myn ekskuses. Ik wol nammentlik myn ferhaal graach begjinne mei it neamen fan in ferske dat de kommende tiid miskien noch wol even yn jim holle hingjen bliuwe sil. Mar omdat it my sels ek hieltyd troch de holle skeat doe't ik dwaande wie mei *Lord of the Flies* – of *Hear fan 'e Miggen*, sa't Geart dat hiel terjochte en folslein logysk oerset hat – woe ik dat ferske dochs mar mei jim diele, dan ha we sa'n bytsje itselde útgongspunt.

Elke kear as ik wat hear of lês oer skipbrekkelingen, of in fleantúch dat fan de radar ferdwûn is, of oer avontuereferhalen as *Lord of the Flies*, *Treasure Island*, *Lost of Cast Away*, dan moat ik automatysk tinke oan dat klassike deuntsje, dy fleurige en tagelyk treurige ekspresje fan jeugdich eskapisme, sa treffend ûnder wurden brocht troch in hiele oare kliber bern: 'Op een onbewoond eiland', fan Kinderen voor Kinderen – ik nim oan dat de measten fan jim dat wol kenne.

It is útbrocht yn de jierren '80, mar wie noch steeds in hit en hiel herkenbaar healwei de jierren '90 doe't ik in jier as tsien wie. Ik koe my fansels net by alle deistige ellinde wat foarstelle dy't yn dat ferske sketst waard: ik iet bygelyks noait 'marmelade', lit stean dat dy op myn linkermouw telâne kaam, en as ik in lekke bân hie dan wie dat mar ien tagelyk en dy plakke ús heit gewoan hurd even, want in tram nimme dy't dêrnei 'bleef steken in de steeg', dat koe by ús yn Donkerbroek hielendal net.

Mar oan de oare kant like dat 'onbewoonde eiland' my fansels wol wat ta; foaral dy 'luie haidewiets' klonk as wat dat elkenien noadich hie, mar ek niks hoeve, bleate billen, molke út in kokosnút, 'loopt niemand voor je neus' en 'lekker leven is de leus' – allegear oansprekkende eleminten fan it paradyslike en meastal tropyske eilânplaatse dêr't ek safolle avontuereromans op basearre binne. De jonkjes yn *Hear fan 'e Miggen* neame der sels al in pear: *Skateilân*, *Robinson Crusoe*, en it tsjintwurdich wat minder bekende *Koraaleilân* fan de

Skotske auteur R.M. Ballantyne, dat lykwols wol de belangrykste ynspiraasjeboarne foar William Golding wie, de skriuwer fan *Lord of the Flies*.

Eilannen ha altyd in bepaalde oantrekkingskracht – yn it echte leven likegoed as yn de literatuer of oare media. As ik foar mysels praat dan sit 'm dat faaks foaral yn it ôfsluten wêze, it folslein omjûn wurde troch inkeld loft en wetter, en ek al binne de measte eilannen tsjintwurdich helemaal net mear sa isolearre fan de rest fan de wrâld, it is dêr wol makliker om dy foar te stellen hoe't dat wêze soe, *alleen op de wereld*. Oan de iene kant is in eilân in dúdlik ôfbakene gehiel – dit is dyn rûmte, hjir moatst it mei dwaan – en oan de oare kant biede strân, see en loft einleaze útsichten dy't rêst of nije ynsichten biede, wêrmei't in ferbliuw op in meastal in positive útwurking en betekenis hat, en ik my faak in better minsk fiel as ik dêr bin. En dat jildt dus net allinnich foar my of foar Kinderen voor Kinderen, want it paradyslike idee fan wyt strân, blau wetter, ongestoorde rêst, palmbeammen, kokosnuten, in hutsje mei in reiten dakje en in hangmat foar de doar is in populêr en 'hardnekkig' ideaalbyld.

Dochs kinne we tsjinoer dit romantyske, utopyske byld fan it ûnbewenne paradys lykwols ek in oar eilânlibben sette; nammentlik de striid sa't Golding dy sjen lit yn *Hear fan 'e Miggen*, op in eilân dat in beklemmend plak is – eins in gefangenis – dêr't oarder, rede en moraliteit ûnder druk komme te stean, dêr't noarmen, wearden en regels ôfbrokkelje, en dêr't de personaazjes net harren bêste sels wurde, mar konfrontearre wurde mei it allerslechtste yn harsels en yn oaren. Isolearre fan de rest fan de beskaving, lykje ek de regels en de struktuer fan dy beskaving te ferfallen. Ofsluten fan de rest fan de wrâld jout it eilân yn *Hear fan 'e Miggen* gjin frijheid en ferromming, mar soarget it foar driging en gefaar. In belangrike fraach yn dit boek is lykwols oft dat fan it eilân komt, of troch de persepsje of sels de ynderlike natuer fan de jonkjes.

Yn de earste siden is it earst foaral de lêzer dy't wat fan betizing en de dêrûnder lizzende driging fielt. In fleantúch mei bern is delstoarten op in eilân en der binne gjin grutte minsken by. Der wurdt suggerearre dat der in oarloch oan de gong is, mar dêr bliuwt it ek by. Ik fûn it wat nuver dat der behalve de piloat blykber fierder gjin folwoeksenen mei wienen, en dat de jonkjes mei elkoar yn itselde fleantúch sieten en deselde skoalunifoarmen oanhawwe mar

elkoar net lykje te kennen as se foar it earst by inoar komme – mar oer it realisme fan de roman wol ik letter noch in pear wurden sizze.

Yn dy earste gearkomste fan de jonges begjinne de ûnderlinge ferhâldingen har al wat ôf te tekenjen; de blonde Ralph wurdt keazen as lieder, ek al hat de grouwe jonge mei de bril dy't Barchje neamd wurdt mear yntelliginsje en ferstannich praat, en is Jack de meast foar de hân lizzende lieder, mar mei in soarte fan grimmitige autoriteit. Ralph fertsjintwurdiget mear de middelmaat, mar hy is enerzjyk en oantreklik en tafallich dejinge dy't it earste op de trompethoarn blaast. Dy trompethoarn wurdt it sinjaal foar de gearkomsten en wa't 'm yn de hannen hat mei syn sechje dwaan, en dêrmei wurdt de skelp it symboal foar oarder, democratie en beskaving – tegearre mei de bril fan Barchje dy't as it ynstrumint om fjoer mei te meitsjen, ek stiet foar logika en wittenskip. Sawol de skelp as de bril binne kwetsbere foarwerpen en mei it hieltyd fierder ôfbrokkeljen fan de beskaving en moraliteit fan de jonges op it eilân rinne ek de skelp en de bril hieltyd mear skea op.

It doel fan Ralph is ynearsten helder: it fjoer oanhâlde om rêden te wurden en oant dy tiid lol hawwe mei elkoar – it 'lekker leven is de leus' út it *Kinderen voor Kinderen*-ferske sis mar. Mar foar Jack bestiet dat lekkere leven foaral út jeie en soargje dat der fleis is om te iten, wat er leaver docht as om it fjoer tinke of hutten bouwe om yn te sliepen. De machtsstriid dy't him hjirtroch tusken Jack en Ralph ôfspilet giet dan om ympulsiviteit tsjinoer lange-termyn-tinken, geweld tsjinoer oerlis en rede, individualiteit en egoïsme tsjinoer wat better wêze soe foar de groep as gehiel – en dy ûnderlinge striid komt tegearre yn de striid tsjin it monster, of de striid tsjin de *angst* foar it monster en oer de aard fan it kwea ...

Net de lichtste ûnderwerpen foar in gesellige saterdeijûn, en it begûn noch wol sa leuk mei dat 'onbewoonde eilân-ferske'...! Ik fûn it earst wat flau om krekt dy assosjaasje te brûken as kontekst foar dit boek, mar ik hie it byld fan it bernekoar ek hieltyd mear noadich om mysels deroan te herinnerjen dat it echt mar jonkjes binne dy't de haadrol spylje yn dit boek, lytse bern fan in jier as tolve en jonger, dy't harsels mar sjen moatte te rêden yn ûnherberchsume omstannichheden. Troch har manier fan dwaan en tinken fergeat ik dat as

lêzer faak. Je soene ek hast ferjitte dat de groep jagers yn it boek, dy't letter sels it leger fan Jack foarmje, ék mar gewoan in bernekoar wie, en Jack inkeld it jonkje dat de oanfierder fan dat skoalkoar wie. Sels de jonges sels lykje dat fergetten te wêzen as Barchje op in gegeven stuit oer de dapperheid fan de oaren fersuchtet 'ja mar sy binne jagers, dat is oars ...' – wylst it hartstikke logysk is dat se hartstikke bang binne, allinnich yn it tsjuster op in ûnbewenne eilân.

Oft it dan ek sa logysk is dat se elkoar dêr sa oer opnaaie, rekket tink ik oan de fraach nei it realisme fan dit boek, in fraach dy't sels op de achterflap fan dizze Fryske oersetting oanhelle wurdt. Soenen bern har echt sa min gedrage as se op in ferlitten eilân telâne kamen? Of soenen se it gewoan wol roaie mei syn allen lykas Rutger Bregman útienset yn syn boek *De meeste mensen deugen*? Wat as ien fan dizze jonges, Ralph of Barchje of Jack, der allinnich west hie, krekt as yn it Kinderen voor Kinderen-ferske, hoe hie er him dan gedroegen? Wat as it in groep famkes west hie yn plak fan jonges? Wat as ien fan ús – of wy allegearre tegearre strâne wienen op in eilân? Hoe soe it dan gongen wêze?

Allinnich of mei oaren, op in eilân kinst de ellinde fan de rest fan de wrâld wol ûntflechte, mar úteinlik komst dochs dysels tsjin. Los fan de fragen oer goed en kwea, oer eangst en moed, en ûnder al it aventoer en striid en alle oare symboalen en tsjinstellingen dy't der hjir en dêr miskien wat dik bovenop lizze, is *Hear fan 'e Miggen* miskien foaral wol in hertferskuorrend ferslach fan it ferlies fan ûnskuld, dat it 'ik word vanzelluf groot' fan Kinderen voor Kinderen in hiel oare ynfolging jout.

It is moai en bysûnder dat dit boek der no ek yn it Frysk is, en ús op 'e nij lêze en huverje en neitinke lit – tankewol dêrfoar Geart, en lokwinske dermei!

Tryntsje van der Steege

Oktober 2022